

Moasje by riedsútstel “5.1 Nota Visie op kunst en cultuur in de gemeente Leeuwarden: durven en samen doen” oangeande it takennen en honorearjen fan ambysjenivo B oan it gearwurkingsferbân SML (Samenwerkingsverband Muziekverenigingen Leeuwarden).



De gemeenteried fan Ljouwert byinoar yn de riedsgearkomste fan woansdei 16 septimber 2020,

Yn berie nimmend dat:

- * De muzykferienings yn it gearwurkingsferbân SML elk in bydrage leveret oan it kulturele libben yn de gemeente Ljouwert;
- * Fan út de histoarje wei dizze ferienings (en de rederikerskeamers) sawol op it plattelân as yn de stêd de dragers binne fan it kulturele libben;
- * De gemeente Ljouwert gjin ambysje útstrielt oangeande dizze ferienings;
- * Sels ambysjenivo B “de basis op orde” net foar dizze ferienings fan tapassing is;
- * De muzykferienings foar harren fuortbestean ôfhinklik binne fan strukturele ynkomsten, gemeentlike subsydzje is der en mei it ledejild komt men der net;
- * Ynsidintele gemeentlike subsydzje wol mooglik is mar dat de takenning dêrfan oan de doarpsbelangen/wykferienings is en soks mar 1 kear yn de 3 jier troch de gemeente tastien wurdt;

Mei yn berie nimmend dat:

- * De muzykferienings harren jild al kwyt binne oan bygl. muzykynstruminten en hierpinningen foar de repetysjeakkomodaasjes;
- * Dizze ferienings grutte muoite hawwe om nije jeugdleden oan te lûken omdat it oplieden fan jeugd djoer is (in muzykdosint kostet ek jild), noch ôfsjoen fan it feit dat der ek muzykynstruminten komme moatte;
- * De muzykferienings hawwe it muzykûnderwiis dat foarhinne op skoallen jûn waard oernommen omdat de gemeente(n) it muzykûnderwiis al fuortbesunige ha;

Draacht it Kolleezje op:

- * Ambysjenivo B ta te kennen oan it oerkoepeljende muzykferbân SML;
- * Dit ambysjenivo “basis op orde” te honorearjen mei in jildbedrach fan € 4.000,= foar elke oansletten feriening;
- * It totale jildbedrach belûke by de maatregels fan de MTR en struktureel ten leste fan de begrutting 2021 en fierder te bringen;

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Lyda Veldstra-Lantinga
Riedslid FNP-fraksje